

STIONG

JUNIOR

Lesbrief - Bûsjild



Aktiviteit 1: Filosofearje oer it nûmer

Groepsopdracht (lústerje en prate)

Mei de hiele groep sille jimme filosofearje oer it nûmer Bûsjild.
Brûk dêrfoar de fragen dy't hjirûnder steane en gean mei-inoar yn diskusje.

FILOSOFYSKE FRAGEN:

- Wat as bern âlders bûsjild jaan soenen?
- Wat is bûsjild?
 - Hat elkenien bûsjild noadich?
 - Wêrom soest bûsjild krije?

Relaasje tusken wurd en ynhâld
Wannear bist ryk?
Kinst ryk wêze sûnder jild?

KATEGORISEARJE DE WURDEN:

Meitsje op it boerd twa kategoryen fan "jild" en "rykdom".
Betink wurden dy't by ien fan de kategoryen passe en skriuw dy op it boerd derby.
De wurden kinst by aktiviteit 3 wer brûke.

Wat is filosofearjen, hoe dogge je dat?

Filosofearje is mei-inoar neitinke oer spesjale fragen dêr't gjin goede antwurden op besteane. Foar dy filosofyske fragen is dus gjin antwurdeboekje. Mar jimme kinne wol besykje om mei-inoar ta in antwurd te kommen. Doch dat troch earst nei te tinken en antwurden te jaan mei arguminten. Dat betsjut dat jim net allinne mei ja of nee antwurdzje, mar ek fertelle wêrom't jim dat tinke. Sa hoecht gjinien bang te wêzen om wat te sizzen, want der binne gjin ferkearde antwurden. As dat net cool is! O ja... it mei-inoar neitinken en praten giet it bêste as jim gewoan kletse, sûnder fingers en beurten. Fertel wat jim tinke en stel fragen lykas 'Wat bedoelst? Wêrom tinkst dat? Wa tinkt wat oars?'. Sa wurde jim allegearre in stikje wizer oer de wrâld. Haw wille... tink dy tûk!

Aktiviteit 2: Oan 'e slach mei de songtekst

Opdracht yn groepkes (lústerje en lêze)



Op de webside kinst de ferskes fan SjONG junior fine.
Belústerje it ferske mei de hiele klasse.

STAP 1:

Set by de tekst in “!” by wurden dy'tsto moai fynst.
Binne der wurden of sinnen yn de tekst dy'tsto noch net kenst.
Ast de tekst hielendal lêzen hast, kinst dy wurden dan út de kontekst helje.
Oerlis mei-inoar wat it betsjutte kin, sykje de omskriuwing dêrfan op.

STAP 2:

Yn de tekst sit in soad figuerlik taalgebrûk.

Foarbyld: "it lok sit my efternei"

Sykje yn de tekst noch in foarbyld fan figuerlik taalgebrûk en skriuw yn eigen wurden op wat dat betsjut.

STAP 3:

Yn de tekst sit de sin “de fiifde moanne wurdt in toer”. Dit is in foarbyld fan Frysk figuerlik taalgebrûk.
Besykje in goede Nederlânske oersetting fan dy útspraak te meitsjen.




Aktiviteit 3: Jim eigen jildbeam

Yndividuele opdracht (lêze en skriuwe)

Meitsje dyn eigen bankbiljet en set dêrop wêr'tsto dy ryk troch fielt.
Yn it midden fan it biljet kinst in foto fan dysels plakke, lykas op in echt bankbiljet.
Kinst ek gebrûk meitsje fan de wurden fan aktiviteit 1 as ynspiraasje.

Lit de master of juf in beam meitsje en sammelje alle biljetten, sadat der in echte jildbeam yn de skoalle ûntstiet.

RYKDOM



RYKDOM

Sint Radbodus - Bûsjild



Wat as heit en mem bûsjild krije soene
En alle dagen tinke moasten oer wat se keapje koene.
Kin(ne) wy hjoed wol ierappels ite mei griente en fleis
En as it aanst fakânsje is, kin(ne) wy dan op reis

Jild groeit net oan 'e beam en ek net yn 'e bûse
En ryk kinst ek net wurde asto altyd leist te koesen
Want it bûsjild fan ús heit en it bûsjild fan ús mem
Dêrmei moatt' wy sunich oan dwaan, oars sitte wy aanst noch klem

Refrein

Fan it bûsjild dat ik krij, keapest net folle fertier
Ik wol der graach wat by, tûzen euro yn it jier
It bûsjild dat ik krij, makkest op yn in kertier
Dêrom bin ik no foar ekstra doekoes yn it spier

Fast-rap

Alle dagen wurkje kinne foar it goede doel
dat jout de measte minsken om my hinne
echt in topgefoel

Kûplet

Ik klus wat by om jild te meitsjen, heit dy kin der wol om laitsje.
Us mem is grutsk op my, it lok sit my efternei.
Mar gelok dat kinst net betelje, ek mei bûsjild net te heljen.
Mar gelok makket wol ryk en hast in libben as in dyk.

Refrein

Fan it bûsjild dat ik krij, keapest net folle fertier
Ik wol der graach wat by, tûzen euro yn it jier
It bûsjild dat ik krij, makkest op yn in kertier
Dêrom bin ik no foar ekstra doekoes yn it spier

Rap

De moannepriis fan Donald Duck, dêrtroch fal ik fan myn kruk
De fuotbalklup wurdt ek al djoer, de fiifde moanne wurdt in toer
In patatsje mei fan Snack-Janet, se belle al, do komst mar net.
Ik bin dus echt finaal fan streek, want myn bûsjild lit my yn 'e steek

Refrein

Fan it bûsjild dat ik krij, keapest net folle fertier
Ik wol der graach wat by, tûzen euro yn it jier
It bûsjild dat ik krij, makkest op yn in kertier
Dêrom bin ik no foar ekstra doekoes yn it spier t